

## Tekst 1

Understeande tekst is in fraachpetear mei filmregisseur Steven de Jong, bekend fan films as De Fûke en De Kameleon. Foar Omrop Fryslân regisseurre De Jong de televyzjesearys Baas boppe Baas en Dankert&Dankert.

### Steven de Jong: “Ik kin net sûnder applaus”

(1) “As regisseur bin ik net  
5 twingend. It is in grutte misfetting  
datsto alles sels witte kinst. Ik hâld  
fan minsken dy’t my ek wat fertelle  
kinne. Wol stiet my altyd dúdlik foar  
eagen hoe’t ik it ferhaal fertelle wol.  
Mar it personaazje is fan de akteur.  
Mei Jan Declair ha ik praat op De  
10 Nederlandse Filmdagen en him  
frege om in rol te spyljen yn De  
Kameleon 2. Hy wie wol ynteres-  
searre, mar is úteinlik ôfheakke.  
Der wurdt altyd in draaiskema  
15 makke en as de akteur dan net kin,  
of krekt yn dy perioade op fakânsje  
is, dan hat er pech hân en wurdt er  
ferfongen. By my stiet it ferhaal op  
it earste plak, dan pas komt de  
20 akteur. It makket my neat út oft ik  
tûzen minsken mear yn de seal krij  
om in bekende namme as Huub  
Stapel of Daan Schuurmans op it  
affysje. Dat moatte jo relativearje.  
Der binne safolle aardige akteurs.  
25 No spilet Hidde Maas dy rol. Ik ha  
noait ien spesifike akteur foar in rol  
op it each, dan jouwe jo se in  
‘sterrenstatus’ en fine se harsels  
ferskriklik belangryk. Dêr ha ik gjin  
30 boadskip oan. We binne allegearre  
like wichtich.

(2) Lykas Guido Peeters bin ik fan  
betinken dat der gjin minne akteurs  
bestean. As se my freegje in glêde  
35 jonge yn in strak pak te spyljen, dan  
wit ik dat ik dêr net geskikt foar bin.  
Ik bin te hoekich, te bonkich, te  
Frysk. As ik dy rol oannimme soe,  
waard ik ûngelokkich. In akteur as  
40 Rense Westra hat bewiisd wol in

grut skala oan te kinnen, mar in  
mear beheind akteur kin wol top  
wêze foar in bepaalde rol.

(3) Ik jou de akteurs in soad frijheid.  
45 Se moatte har rol knede nei har  
eigen gefoel en it personaazje nei  
har talûke. It moat naturel wêze,  
dan kloppet it. Dat moatte se sels  
foarelkoar krije, mei dat proses  
50 bemuoi ik my net, it is har perso-  
naazje. It ferhaal, dat is wêr’t it  
neffens my om giet. It moat oan-  
nimlik wêze. Dat kinst net alle-  
gearre sels betinke. Dêrom moast  
55 in akteur de romte jaan om it sels te  
ûntdeken. Wylst ik dit fertel, moat  
ik ynienen weromtinke oan in sêne  
dy’t we draaiden foar ‘Baas’. Op  
papier like it aardich, mar doe’t de  
60 akteurs it spilen, die it my neat. Ik  
sei, we kinne it sa wol útstjoere mar  
it docht my gjin sprút, besykje it  
nochr. Doe ha we in twadde  
opname makke en it wie geweldich.

(4) Fansels praat ik mei de akteurs  
65 oer har personaazje en fertel harren  
hoe’t ik wurkje. As se dêr net oer  
kinne, is it spitich foar har. Guon  
akteurs binne sa’n wurkwize net  
70 wend, mar nei in skoft fine se it faak  
dochs wol noflik en oan de ein fan  
de rit binne se om. Dat yn tsjin-  
stelling ta de crew. Dêrmei stean ik  
by it draaien op foet fan oarloch. Ik  
75 sil nea foar de technyk kieze, altyd  
foar de ynhâld. It probleem is dat de  
akteur mei hûnderttûzen dingen  
rekken hâlde moat. Dêr hat it spul  
80 altyd ûnder te lijen. Ik fyn dat we  
wat dat oanbelanget yn Nederlân

- noch op begjannersnivo sitte. Ek televyzjedrama stiet fierstente folle yn it teken fan de technyk. We moatte der meiïnoar hiel hurd oan wurkje om dat te feroarjen. Troch dy oerdreaune oandacht foar technyk wurdt de akteur beheind yn syn kreativiteit. Ik bin respektleas tsjin de technisy en ik kies de kant fan de akteurs. Ik besykje har it gefoel te jaan dat ik se de romte lit en dat se dy ek krije. Der binne mar in pear regisseurs dêr't ik dat ek by sjoch. De akteurs wurde oer it generaal folstoud mei opdrachten. Dat is it net. Je moatte besykje de emoasje te sykjen. Fansels kinne jo net sûnder de technyk, dat begryp ik ek wol. Clint Eastwood is ek sa'n man dy't altyd foar de akteurs kiest. Yn *Mystic River* sit in sêne dy't ûnderbeljochte is, mar de akteur spilet it geweldig. It is sa'n lilik shot, dat giet sels my te fier. It sjit folslein it kader út. Soks is yn Nederlân ûntinkber. Dêr lizze de prioriteiten hiel oars.
- (5) Kriyk kin ik min oer. It is noait leuk, mar ik lêse it wol allegearre. Dochs is it foar my folle wichtiger wat de minsken yn de seal derfan fine. Ik kin net sûnder applaus. As ik in film meitsje soe dêr't gjin hûn nei sjen wol, fyn ik dat dy film gjin bestearsrjocht hat. Ik sit yn de entertainmenthoeke. Ik meitsje films foar in fêste groep minsken. Films mei 'een lach en een traan'. Ik meitsje se út myn eigen gefoel wei, yn 'e hope dat de minsken datselde gefoel diele mei my.
- (6) Mar it is ek net sa dat ik oanhâldend tink: dat wurket, se sille sa reagearje, dat skoart. Ast sa wurkje soest, giest op 'e bek. Ik ha altyd in doelstelling. As ik dy net helje, fyn ik dat ik it net goed dien ha. Ik bin de wichtichste pion en dêrmei ek ferantwurdlik. *De Fûke* is sjoen troch 35.000 minsken. Yn ús taalgebiet kinne je dat in mega-súkses neame. Dat jout my grutte foldwanning. Ik fyn dat minsken my op de besikersoantallen ôfrekkenje meie."

*Nei: Marita de Jong, Fraachpetear mei Steven de Jong, De Moanne nr. 7, septimber 2004*

## Tekst 2

## Stilte asjeblyft?

- (1) Ut de jongste sifers fan it Centraal Bureau voor de Statistiek (CBS) docht bliken dat Friezen it minst faak kleie oer lûdshinder. It plattelân wurdt sjoen as in boarne fan rêst en stilte. Ek troch bûtensteanders. Ut in proefskrift fan Saskia Heins, dy't fjouwertûzen stedsbewenners ûnderfrege, docht bliken dat 90 prosint fan de sted-sjers dy't der oer tinke om te ferhúzjen, nei in gebiet mei skaaimerken fan it plattelân ferhúzje wol. lenfyfde dêrfan wol nei it 'echte' plattelân, de rest fynt in lanlik plakje tusken de grutte stêden yn (pseudo-plattelân) foldwaande.
- (2) Neffens Heins ha de lju fral Fryslân, Grinslân en Drinte as de plattelânsgebieten by útstek foar eagen. De measten ha in idyllysk byld fan it plattelân, stelt Heins: skjûn, rêstich en feilich.
- (3) Binne de lju goed en wol ferhuze, dan betearit it by guon lykwols oars. De boer komt der moarns ier en betiid ôf, trekkers dinderje troch de strjitten en hoannen kraaie. Net alle nijkommers kinne dat akseptearje. Der binne guon dy't al gau weromferhúzje, oaren stelle alle prikken yn it wurk om dat ferhipte leven de wrâld út te helpen.
- (4) Ytsen Strikwerda fan de Feriening Lytse Doarpen (FLD) komt it probleem bekend foar, mar hy jout dêrby daliks oan dat de kleiers faak minsken binne dy't halje-trawalje nei it plattelân ferhuze binne. "En dan binne je fansels hiel dom dwaande. De measten ha wol begryp foar de lûden op it plattelân. Mar ekstremiteiten bliuwe der fansels altyd. By guon minsken is neat goed." Neffens Strikwerda binne minsken út de Rânestêd wol faak behâldender as plattelanners. "Bygelyks mei nijbou. De 'autochtoan' is meastentiids bliid dat der einlings huzen boud wurde. Wylst de nijkommer himsels wat beskermjender opstelt. Dy is fansels nei it doarp kaam omdat hy it leuk fûn sa as it is."
- (5) CDA-Twadde Keamerlid Mastwijk fynt dat minsken út de stêd sowieso net eamelje moatte. De nijkommers moatte har oanpasse, seit Mastwijk. "Minsken moatte net allinne de lusten fan it plattelân wolle, mar ek de lêsten akseptearje en net frjemd opsjen as se moarns om seis oere it lûd fan in hakseler hearre. En likegoed kin it wolris barre dat se, wannear't se bygelyks mei freonen yn 'e tún sitte, in swymke dong rûke." Neffens Mastwijk binne benammen boeren noch te faak de dupe fan har nije buorlju út de stêd. "De sirkel om syn bedriuw dêr't er syn wurk yn dwaan kin, wurdt lytser, wylst boeren besykje te oerlibjen yn in sektor dêr't skaalfergrutting oan 'e oarder fan 'e dei is."

Nei: in artikel fan Jitske Veenstra, *Friesch Dagblad*, 1 oktober 2005

### Tekst 3

## Dy romte, dy wyn

- 1 De hikke op de dyk by Swarte Hoarne is ticht. Mar wa't der faker komt, wit datst dy dêr neat fan hoechst oan te lûken. In eintsje klimme, dan de skonken der linich oer hinne swaaie, en men wurdt trakteard op in net te oertreffen útsicht. Rjochts de reiden en it Waad, lofts greiden mei yn de fierte huzen, in tsjerketoer en in inkele wynmûne.
- 2 Wolkom op It Bilt, it gebiet krekt noardlik fan Ljouwert, dat om 1300 hinne ûntstie as oanslike kwelder en dat yn 1505 bedike waard. Fiifhûndert jier letter is it it plak dêr't alvetûzen 'Bilkerts' wenje, ferspraat oer seis doarpen – in eigensinnich folk mei in eigen taal en identiteit. It hiele jier fiere sy har fiifhûndertste jierdei mei braderyen, tsjerke-tsjinsten en reünys. Der wurdt in jubileumboek presintearde, *Een uytland gheheten Bil*, dat fiifhûndert jier Biltse skiednis beskriuwt.
- 3 "Hjir op de dyk wurdt myn holle hielendal leech," mimert Leendert Ferwerda, dy't it boek gearstalde. Hy is foarsitter fan de kulturele stichting Ons Bildt en komt hast alle dagen op de dyk. Soms om te jutten, soms om allinne eefkes út te waaien. De skjinne lucht opsnuve, in bakje kofje yn kafee-restaurant De Zwarte Haan. En in praatsje, want elkenien ken inoar op It Bilt. "Dy romte, dy wyn om de holle. Do kinst hjir prachtich sjen hoe't de fjouwer seizoenen foarbykomme."
- 4 De Bilkerts foarmje in aparte groep yn Fryslân. It binne gjin Friezen, mar ek gjin Hollanners. Sy binne ymport, mar dan wol fan de safolste generaasje. Har taal sit wat tusken de beide rykstalen yn. In ferliking: in Hollanner seit 'groot', in Fries 'grut' en in Bilkert 'groat'. De ynpolderers kamen út de omkriten fan Dordrecht en dy bleaunen op It Bilt hingjen. Sy namen it Nederlânsk mei, dat nei ferrin fan tiid hyltyd mear Fryske ynfloeden krige. No is it in streektaal, mei wurdboeken en in eigen songfestival.
- 5 "De Bilkerts binne rjochtlinich," fertelt Klaas Dankert, dy't fan 1989 oant 2003 boargemaster fan It Bilt wie. "Ja is ja en nee is nee. Do wilst fuortendalik wêrst mei har oan ta bist. Gjinn grutdwaanderij, doch mar gewoan. En as it útpraat is, dan hawwe wy it der ek net mear oer. It sil troch it lânskip komme. Hiel strak en oersichtlik, do kinst hjir oeral de hoarizon sjen. Sa binne de minsken ek."
- 6 Ferwerda tinkt dat de ûntsteanskiednis ek syn wjerslach hat op it karakter fan de Bilkerts. Neffens him hawwe Bilkerts in protte oerienkomsten mei ynwenners fan de Noardeastpolder, dat oare troch minsken makke lân. Oan de foet fan de dyk by Swarte Hoarne fertelt it stânbyld fan de Slykwurker it ferhaal fan de ynpoldering. Op de plakette neist it keunstwurk stiet, yn it Biltsk: "Hier op 'e Wadden, wereld fan water en slik, won hij lând út see, in weer en wyn, skep foor skep monnikewerk." Ferwerda: "De earste bewenners wienen de pioniers dy't it lân ûntginne moasten, it letterlik feroverje moasten op de see. Sa fiele sy dat jierren letter eigentlik noch. Wy binne pioniers, tige op ússels, losse ús eigen problemen op."

- 7 De boeren gienen net altyd like fatsoenlik mei har arbeiders om, wêrtroch oft der faak in minne ferhâlding mei de wurklju wie. Dat hie de oprjochting fan it earste arbeidersfabrikân fan gefolgen. “De arbeiders lieten har net ûnderdrukke,” leit Anita Andriesen, deputearre yn de provinsje Fryslân en hikke en teine Bilkert, út. “Dy opstannige hâlding sit der noch altyd yn,” seit se. Wa’t ‘fan bûten’ mei regels en foarskriften komt, is yn it foar al kânsleas. In tal jierren lyn bygelyks, doe’t de diskusje spile oft de Alde Bilt dyk wol of net op de Wrâlderfguodlist fan Unesco komme moast. Fan de Bilkerts sels hoegde dat net sa nedich, út eangst dat sy dan net mear fan alles dwaan mochten fan ‘hearen yn pakken út it Westen’. Ein septimber protestarden de Bilkerts noch tsjin de drigende sluting fan it swimbad. En yn 1999 foelen de plannen foar in asylsikerssintrum yn earste ynstânsje net yn goede ierde. Doe’t it sintrum der dochs kaam, wie der neat mear te rêden. In briefskriuwer fûn doedestiids yn de *Bildtse Post* dat de Bilkerts net sa seure moasten, omdat dy sels ommers ek asylsikers wienen.
- 8 De alvetûzen ynwenners fan it Bilt binne net oer ien kaam te skearen. Nim allinne mar de buorlju fan Klaas Dankert, in leadjitter dy’t yn Amsterdam wurket en alle dagen op en del reizget, twa Dútske gesinnen, dêrneist in autochtoanske Biltske. “Begjin jierren tachtich wiene der noch plannen om de ferpaupere Alde- en Nije Bildtdiken te slopen,” fertelt Andriesen. “Dêrtsjin kaam fansels fûl ferset en doe binne dy stikje by stikje opknapt. De húskes kosten neat en lutsen in protte nije bewenners, út de rânestêd en út Dútslân.” Sawat de helte fan de nije bewenners waard neffens Andriesen ‘gillend gek’ fan de stilte en de romte en gie wer fuort. De oare helte rekke fereale op de flakte en de poppehúskes oan de fjirtjin kilometer lange dyk, de langste strjitte fan Nederlân. Keunstners rekken yn de besnijing fan de ynspirearjende sjarme fan it gebiet; it falt yn it each hoefolle húskes galeryen wurden binne.
- 9 Wa’t fan It Bilt komt, is grutsk op syn gebiet. En dy grutskens wurdt miskien wol ekstra oanfitere troch de taal. Dêr’t in Fries ornaris al gau op it Nederlânsk oergiet, dêr hâldt de Bilkert fêst oan it Biltsk. Foar Andriesen wie de taal sels ien fan de redenen om nei tsien jier Den Haach werom te kearen nei de keale Biltske flakten. “Ik moat der net oan tinke om mei myn bern Nederlânsk te praten. Bûten It Bilt soenen wy folle mear twongen wurde om Nederlânsk te praten as dat wy dat sels dwaan woenen,” leit se út. En sa kamen se werom nei Alde Biltsyl dêr’t har man weikomt. Doe’t se yn 1995 yn de Provinsjale Steaten kaam, spruts sy dêr yn it Biltsk. Ta argewaasje fan har mem, dy’t it in boerske taal fûn – lykas guon âldere Friezen ek har eigen taal boersk of minderweardich fine. “Dat kun je echt niet maken,” sei se. Mar wêrom net? Dy taal heart by myn eigen identiteit. En ast fan dyn eigen identiteit oertsjûge bist, dan doarst soks te dwaan.” En dus ferstiert sy har hûs it hiele jubileumjier mei Biltske flachjes, en rydt se yn in fjoerreade Ford Ka mei op de motorkap it PvdA-logo en op de sydkant ‘It Bildts Roasy’, it Biltske roaske.
- 10 Andriesen is in ambassadeur foar It Bilt yn de provinsje, mar Klaas Dankert sette doedestiids de trend troch as boargemaster Biltsk te praten. Syn foargongers dienen it

net, syn opfolger naam it ek net oer. De reaksjes wienen wikseljend, stiet him noch by. "Minsken dy't sechtich jier troud wienen, fûnen it faak prachtich, in boargemaster dy't Biltsk prate. Mar guon âldere minsken dy't har noch hyltyd heareboer fielden, koenen it net wurdearje. Dy praten Hollânsk." Want sa wie it yn âlde tiden: de elite, de heareboeren, dy brûkten it Nederlânsk; it Biltsk wie foar it arbeidersfolk.

- 11 Foar in Bilkert is der gjin gruttere belediging as ien oer de taal. "Dat wy in spraakgebrek hawwe soenen of sa," ferdúdlikt Ferwerda op in lytsachtsjende toan. De stichting dêr't hy foarsitter fan is, organisearret in protte kulturele aktiviteiten, dêr't de taal faak sin-

traal yn stiet. Dy binne yn, merkt er. "De minsken krije wer belangstelling foar har eigen leefomjouwing. In protte nije bewenners melde har by ús oan foar in kursus."

- 12 In libben sûnder It Bilt, dat kinne se har alle trije net foarstelle. "Rykdom," sa beskriuwt Dankert syn eigen Bilt-gefoel. "Hiel tichtby, it gefoel thús te wêzen. De wyn om de holle ast op de dyk stiest." Andriesen kin har dêr hielendal yn weromfine. "De romte is foar my hiel wichtich. Letterlik, de romte fan it lânskip, mar ek de romte om dysels wêze te kinnen. Ik wol hjir echt noait wer wei." "Do bist gewoan thús, dat gefoel," seit Ferwerda. "It Bilt is ien grut leefgebiet. Dyn eigen hûs. Ja, sokssawat."

*Nei in artikel fan Karin Sitalsing, de Volkskrant, 1 novimber 2005*

## Bronvermeldingen

---

tekst 1	Marita de Jong, Fraachpetear mei Steven de Jong, De Moanne nr. 7, septimber 2004
tekst 2	Jitske Veenstra, Friesch Dagblad, 1 oktober 2005
tekst 3	Karin Sitalsing, de Volkskrant, 1 novimber 2005